

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Wopke Veenstra / Sijbe Knol
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	22 april 2020 (?)
Wurklistpunt	
Koarte titel fan de moasje	Alternativen buskonesje trochrekkenje
De Steaten, yn gearkomste byien op 22 april 2020 heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none">• It konsept-Programma fan Easken (PfE) foar de nije iepenbier ferfier konesje Fryslân 2022-2032 oant 17 maart op besjen lein hat;• Benammen eask 3.1.1 yn dat PfE der ta liede kinne dat bewenners anst nei in halte op 1,5 kilometer fan it doarp rinne moatte, omdat de reguliere bus net mear troch de doarpen komt;• Bewenners yn ferskillende parten fan de provinsje har hearre litten hawwe, bygelyks troch de petysje dy't organisearre waard troch de doarpen dy't oan de hjoeddeiske busrûte 71 lizze;	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none">• It strekken fan buslinen en it ferfallen fan haltes yn doarpen te koste giet fan de leefberens fan ús provinsje, benammen foar âlderein en minder mobile reizgers;• De opjeften fan it berikber hâlden fan it plattelân, it fergrutsjen fan it tal reizgers en it ferheegjen fan de kostendekking (lykas beskreaun yn de Nota fan Utgongspunten) inoar mooglik yn it paad sitte kinne;• Dat ear't it definitive PfE troch DS fêststeld is, PS noch ta in ferheging fan eksploitaasjebydrage beslute kinne soe, foardat de oanbesteging yn de simmer start;	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none">• Ut te rekkenjen wat it ferskil yn kosten wêze sil tusken de hjoeddeiske útgongspunten en de situaasje dat (neffens eask 3.1.1) yn de takomst de bus allinne oan de râne fan it doarp stoppet;• PS dat oersjoch ta beslútfoarming foar te lizzen.	

MOASJE

MOASJE

en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Wopke Veenstra / Sijbe Knol
---------------	---